

Ynbraak yn Wylgeragea: wat is wierheid?

Wat bart der yn in eigen, fertroude mienskip as der ynbrutsen wurdt yn it gefoel fan feilichheid? Tryater syn nije 'grappich-grimmitige' teaterfoarstelling *De wierheid fan Wylgeragea* ûndersiket de ferskillende manieren hoe't wy dêrop reagearje.

Teater

Jan Ybema

Yn Wylgeragea kenne de minsken elkoar, al gearasjes lang. Opgroeid yn Someren-Eind, in doarp tusken Helmond en Weert, ken regisseur Jos van Kan it út eigen ûnderfining: de hechtheid fan de doarpsmienskip, it nei inoar omsjen, mar bytiden ek it neigenderige, de ûntagonklikheid foar bûtensteanders. Sûnt 23 jier wennet er foar in part fan 'e tiid opnij yn in doarp, yn Fryslân. It fertrouwen dat de Wylderageasters ûnderling hawwe, bestiet dêr ek noch: „Wij doen 's nachts inderdaad de deur niet op slot”, laket Van Kan.

Frysk teater oer in plattelânsdoarp, it klinkt ynearsten as in fersliten konsept. „Maar het dorp staat in de voorstelling symbool voor elke gemeenschap – een vereniging, een sportclub, een land, Europa.” De prosessen dy't loskomme as it fertrouwen binnen in mienskip oantaast wurdt, dogge har ommers universeel foar. Yn it gefal fan Wylgeragea is it in ynbraak dy't de ferhâldingen op skerp set. „Die inbraak zou je kunnen zien als een metafoor voor elke inbreuk in het veiligheidsgevoel van een groep. Vluchtelingen bijvoorbeeld, betekenen voor sommige mensen een aantasting van hun gevoel van

geborgenheid binnen het eigen land.”

Van Kan, ek gauris wurksum yn Dresden, past derfoar op om te maklik te oardieljen. „Op maandagavond houdt Pegida daar wekelijks een demonstratie om te protesteren tegen onder andere immigratie”. Fierder is der dan nimmen op 'e dyk. „Ik ga daar juist wel naartoe, tussen die mensen staan en ze observeren.” Sûnder it mei harren iens te wêzen, wol Van Kan sjen watfoar minsken oft it binne, wat har redenen binne om benaud te wêzen.

Sa pakt er *De wierheid fan Wylgeragea* ek oan. „Er zijn verschillende reacties mogelijk als je gevoel van veiligheid wordt aangetast: je kunt bang worden, in je schulp kruipen, agressief worden, vluchten of proberen rustig te blijven”. Yn it stik wol Van Kan dat palet oan omgongsmeganismen sjen litte, nuânses oanbringe. „Het beschermen van de eigen groep is een hele primaire en begrijpelijke reactie.” Ek binnen de húshâlding: „Een van de personages laadt verdenking op zich. Maar toch neemt zijn moeder het voor hem op en dat is heel begrijpelijk. Ik wil proberen om mensen met compassie te laten kijken naar de complexiteit van de karakters en situaties.”

De 'thrill' fan de foarstelling sit diskear dan ek meast yn it aktearjen sels, yn it sjen nei de ûntwikkeling fan personaazjes, mei Joop Wittermans en Aly Bruinsma, en nei harren ynteraksje mei de jonge gearasje, spile troch ûnder oaren Lourens van den Akker. Al slûpt de



It publyk komt yn in hoefizerfoarm foar inoar oer te sitten, deun op 'e spilers. Foto: Ekko de Bakker

Een van de personages laadt verdenking op zich. Maar toch neemt zijn moeder het voor hem op en dat is heel begrijpelijk

ren ynteraksje mei de jonge gearasje, spile troch ûnder oaren Lourens van den Akker. Al slûpt de

grimmitigens geandewei mear it stik yn, Van Kan beklammet dat der ek in soad te laitsjen falt. „Een onderhoudende voorstelling”, dêr't ek noch in leafdesskiednis yn ferfrissele is. Dekôrûntwerper Jan Ros soarge derfoar dat it publyk yn in hoefizerfoarm foar inoar oer komt te sitten, deun op 'e spilers. Sa foarmje besikers en akteurs mei-inoar in mienskip as Wylgeragea sels.

Keukentafelpetereen

Al mear as twa jier hawwe tekstskriuwer Kees Roorda, Van Kan en de akteurs oan it stik slipe. „We hebben bijvoorbeeld een gemeenteraad en een voetbalclub uitgenodigd om naar repetities te kijken. Ik wilde hun ervaringen leren kennen, weten of ze zich in ons stuk konden

herkennen.” Ek as Tryater aanst op toernee is wurde op ferskate plakken „keukentafelpetereen, ynspiraasjefjûnen en ynlidingen” organisearre om yn kontakt te kommen mei it publyk.

„De voorstelling zal hopelijk werken zoals je kijkt naar een schilderij: iets om wat langer bij stil te staan. Tijd, relativering en nuance zijn nodig om je te verhouden tot ons toenemend gevoel van onveiligheid en onbehagen. En om je te bezinnen op de vraag: hoe kunnen we gemeenschapszin behouden en tegelijk open staan voor de buitenwereld?”

De wierheid fan Wylgeragea, Tryater, 4 oktober (première) t/m 18 december. www.tryater.nl